

## Sjueryrapport foar de Simke Kloostermanpriis 1998

Achte oanwêzigen, yn it bysûnder Auck Peanstra

De sjuery hie de opdracht om út it tiidrek 1995 o/m 1997 net allinne it bêste boek mar ek inkelde nominaasjes te kiezen.

It oanbod bestie ek no wer út printeboeken, wurk foar begjinnende lêzers, poëzy, berne- en jongereinboeken. Yn dizze lêste kategory foel *Grutte wurden* fan Akky van der Veer ôf, om't dit as in oersetting út it Nederlânsk presintearre waard.

Sawol yn taalgebrûk as ferhaaltechnyk achte de sjuery de yn dit tiidrek útkommen boeken oer it algemien tige rjochte op it bern.

Foar de nominaasje, dêr't alle kategoryen foar yn 'e beneaming kamen, waard unanym keazen foar trije titels:

1. Yn piama de dyk oer, Auck Peanstra
2. De skat fan jonker Jan, Lida Dykstra
3. Tachtich yn 'e bocht, Eppie Dam

De lêste waard keazen om de wize wêrop de libbens- en belibbingswrâld fan bern yn dizze ferhalen foarmjûn waard.

Lida Dykstra foaral om de grutte gevoeligens fan taal en de oarspronklikens fan har fantasje.

De sjuery wie lykwols unanym yn har oardiel dat *Yn piama de dyk oer* fan Auck Peanstra boppe alle oare boeken útstiek. Net allinne om it belang fan it ûnderwerp -in deminte beppe- mar foaral om de de wize fan útwurking.

Realistysk, nochteren, mei humor en tagelyk grutte gevoeligens wurdt it ôftakelingsproses fan dizze beppe bleatlein.

Troch har subtile wurkwize wit de skriuwster dit sûnder sentimentaliteit oer te bringen. Mei troch de ienfâld, de relativearjende toan en de heldere kyk op minsken is dit boek like nijsgjirrich en boeiend foar bern as foar grutte minsken. Dit is it grutste komplimint dat men in berneboek jaan kin.

Mei alle oertsjûging hat de sjuery *Yn piama de dyk oer* fan Auck Peanstra foardroegen foar de Simke Kloostermanpriis 1998.

Fan herten lokwinske mei út namme fan Wim van der Schaaf en Dolf Verroen!

LB, 9 maaie 1998